

Kuiertocht "Strooi en Bloei" op 26 april 2015.



De start fan dizze tocht wie yn de Bidler. Wij krigen in bakje kofje mei sûkerbôle of krintebôle. Omtrint 12 oere iepene Jet Windig de dei mei in wolkomstwurdsje, der wiene 103 dielnimmers, in protte rinners mar ek in hantsje fol fytsers.

It is no de tredde kear dat dizze tocht organisearre wurdt, om de twa jier, troch 11 leden fan de fjouwer tsjerken fan Wergea – Warten – Wurdum – Warstiens.

Der wie in moai ferskaat oan minsken út alle doarpen.

As de klok tolve oere slacht fertelt Leentje ús oer de moaie presintaasje, wij sjogge it ferhaal fan 2 wetterpotten, de iene is noch heel, mar yn de oare sit in barst, dêr troch krije de blommen alle dagen wat wetter en ûntstiet der in blommenpracht lâns de dyk.

“Ga op reis en ontmoet uw medemens”.

Foar ûnderweis krije wij in “knap sekje”, yn it pûdsje sit in broadsje, wat drinken, wat lekkers en in pûdsje sied. Dan kin de tocht begjinne.

As wij bûten komme reint it in bytsje, mar wij ha der gjin lêst fan.

Wij rinne yn in lange slier it doarp út, oer de Peinjedyk, de Moskoureed nei Swichum.

Yn it smûke tsjerkje is in muzikaal yntermezzo.

It koar “Sawat Suver” o.l.f. Klaske Deinum sjongt foar ús. Der is tiid om efkes op te waarmjen fan de fine rein en te lústerjen nei it bliere sjongen.

Dan rinne wij wer fierder oer de Ayttadyk rjochting Ljouwert, foar it fiadukt troch it lân nei Wurdum. Underweis lêze wij de buordsjes mei teksten fan “Geen Loesje ... mar Visje” prachtich. Yn de tsjerke fan Wurdum is der tiid foar in bakje kofje of té en ite wij in broadsje út it pûdsje. Dan splitst it oantal dielnimmers, der is de kar foar de lange of de koarte tocht. De lange tocht giet rjochting de Werpsterdyk en dan in slach om. Under it fiadukt spylje en sjonge in pear leden fan de band “Hotspot”. Wij rinne de koarte tocht, lâns de Tsjaerdedyk en de Grienedyk. Underwyls reint it lokkich net mear. Wij sjogge op it boerebedriuw fan famylje Bos/ Uithof.

Dan rinne wij oer de Grienedyk en sjogge op’e dyk stean “Ssstt... “ tiid foar in stiltemoment, mei wer moaie teksten op de buordsjes.

Wij seagen ûnderweis in protte fûgels en yn de ûnderwâl ek nêsten fan de markol.

Wat is de natuer dochs moai.

Dan komme wij bij it Hekkemiede paad. Hjir is oan beide kanten fan it brechje in stikje lân sljochte, hjir struie wij it sied út, mei help fan de organisaasje, ja it komt krekt!

Oer in pear wiken moatte wij der mar wer ris sjen of it sied al opkomt! Sjogge wij dan ek in blommenpracht, krekt as yn de presintaasje fan de 2 wetterpotten?

Werom yn de Bidler stiet de waarme sop al foar ús klear, hearlik it falt der goed yn!

Wij prate in pypfol en drinke noch wat mei inoar. It is gesellich yn de Bidler.

Wij kinne werom sjen op in slagge tocht, in kompliment foar de organisaasje, yn hannen fan de leden fan de fjouwer tsjerken. Betanke.

Cathrien Tadema.